

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en fermeitsje.  
Dêrmei ferbynt en ferrikt de Omrop elkenien dy't him of har mei Fryslân ferbûn fielt.

## Omrop Fryslân en RTV NOF sykje in

# SJOERNALIST

(32-36 OEREN)

Omrop Fryslân is ien fan de foaroprinnende mediabedriuwen fan Fryslân. Omrop Fryslân is sichtber oanwêzich yn de provinsje en is mei de ferslachjouwing fan alles wat yn Fryslân bart, online, op radio en tv goed te finen. Omrop Fryslân bringt nijs, sport, kultuer en eftergrûnen op in ûnôfhinklike wize. Omrop Fryslân is yn kontakt mei alle ynwenners fan Fryslân; wy prate deselde taal. Dêrnjonken makket Omrop Fryslân geweldige programma's foar bern, skoallen en de lanlike tv.

RTV NOF is de streekomrop fan de regio Noordoost Fryslân. RTV NOF is al tritich jier aktyf en bringt lokaal nijs en ûnderwerpen út de gemeenten ticht by de minsken, op radio, tv en online. RTV NOF hat in profesjonele redaksje, oanfolle mei in grut tal frijwilligers. Benammen de lêste jierren is RTV NOF folop yn ûntwikkeling en sette graach in folgjende stap op it mêd fan ûndersyksjoernalistiek.

Omrop Fryslân en RTV NOF binne op syk nei in sjoernalist mei as doel kwalitatyf goede sjoernalistike ferhalen te meitsjen oer 6 gemeenten yn de regio Noordoost Fryslân. De ferhalen sille brûkt wurde by RTV NOF en binne dêrneist diels ek geskikt foar Omrop Fryslân en ynsidinteel ek foar de lanlike publike omrop. It wurkgebiet bestiet út de gemeenten It Amelân, Skiermûntseach, Noardeast-Fryslân, Dantumadiel, Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel. Do komt yn tsjinst by Omrop Fryslân en wurkest op de redaksje fan RTV NOF yn De Westereen.

### Funksje-ynhâld:

- Do leist en ûnderhâldst kontakt mei publyk, korrespondinten en de frijwilligers fan RTV NOF en bist yn steat in netwurk op te bouwen.
- Bist op 'e hichte fan feiten en eftergrûnen oangeande aktuele- en maatskiplike ûntwikkelingen yn Fryslân.
- Bist yn steat om feiten te beoardieljen op betrouberheid.
- Do riedst de produksje fan de ferhalen ta fia ûndersyk en dokumintaasje.
- Do hâldst fraachpetearen, hâldst presintaasjes, leist oangelegenheden fêst, makkest reportaazjes en dochst live ferslach.
- Folgest de lokale polityk. Do folgest gearkomsten fan de gemeenterieden en kommisjes en bist regelmjittich oanwêzich.
- Ferdjipjende sjoernalistyk yn gearwurking mei de sjoernalisten fan Omrop Fryslân.
- Bist fleksibel ynsetber, troch de wike mar ek yn it wykein.

## Beskikst oer:

- In sjoernalistike HBU-opleiding.
- In brede algemiene ûntwikkeling.
- Goede kontaktuele eigenskippen.
- Poerbêste kennis fan it Frysk en Nederlânsk, sawol mûnling as skriftlik.
- Bining mei de regio Noordoost Fryslân.

## Feardichheden:

- Profesjoneel.
- Wend yn teamferbân te wurkjen en do hâldst fan oanpakken.
- Entûsjast en inisjatyfryk.
- Fêsthâldend en yn steat op taktfolle wize oare minsken te oertsjûgjen.

## Wy biede:

- Fan de kennis en ûnderfining fan Omrop Fryslân en RTV NOF út, wurdst begelaat op it mêd fan sjoernalistyk en technyk.
- In ynteressante funksje yn in dynamyske, ynformele wurkomjouwing.
- In kursus op it mêd fan it meitsjen fan byldferhalen, audio-reportaazjes en it skriuwen fan berjochten en ferhalen foar online platfoarms.
- Begelieding troch in koördinator fan de Omrop en fan RTV NOF.
- In kontrakt fan 32 - 36 oeren wyks fan 1 septimber 2023 ôf.
- In lean op basis fan de CAO Omroeperspersoneel.
- Goede sekundêre arbeidsbetingsten.

## Ynteressearre?

Belje foar mear ynformaasje mei Sybren Terpstra (Einredakteur Omrop Fryslân) fia 058 2997766.

Stjoer dyn sollisitaasjebrief mei CV uterlik 12 maaie nei Nelleke Hollenga,

Meiwurker P&O fia [P&O@omropfryslan.nl](mailto:P&O@omropfryslan.nl)

De petearen sille plakfine yn wike 21